Taal fan it hert

Alles oer Fryslân, de Friezen en harren taal fan it hert

“Ast mei in minske praatst yn in taal dy’t er ferstiet dan komt it yn syn holle. Ast mei him praatst yn syn eigen taal dan rekket it yn syn hert.”

Nelson Mandela (1918-2013)

YNHÂLDSOPJEFTE

Taal fan dyn hert 3
Yntroduksje 4
Frysk prate en appe 7
Taal of dialekt 10
Rike taal 12

Yn it ûnderwiis 17
Fan poppe oant pake 18
Sjonge en lêze 22

Yn it iepenbiere libben 25
Rjocht 26
Oerheid 30
Soarch 34

Yn de frije tiid 37
Literatuer 38
Film 40
Toaniel 41
Muzyk 42
Media 44
Sport 46
Tsjerke 48

Skiednis fan it Frysk 51
Fan Aldfrysk nei Midfrysk en Nijfrysk 52
Fryslân is meartalich 56
Frysk oer de wrâld 59

Behâlde en befoarderje 61
De Fryske Beweging 62
Erkenning 64

Taal yn it hert 67
Mear mei dyn memmetaal 68



Taal fan it hert

TAAL FAN DYN HERT

It Frysk spilet in wichtige rol yn 'e provinsje. It is de memmetaal fan mear as de helte fan alle ynwenners en yn it deistich libben nimt it in belangryk plak yn. It Frysk wurdt op in soad plakken brûkt. Yn de supermerk, op skoalle, by de dokter, op de sportfjilden; oeral komst it Frysk tsjin. It is de taal fan thús, dêr'tst yn lakest of lilk yn bist. De taal dy't it tichtst by dyn gefoel stiet; it is de taal fan dyn hert.

YNTRODUKSJE

It gebrûk fan it Frysk yn ferskate domeinen lykas it ûnderwiis en yn de soarch is de lêste desennia bot tanommen. Friezen hawwe der foar striden om de posysje fan it Frysk te ferbetterjen mei as resultaat dat it hjoed-de-dei stevich ferankere is yn de Fryske maatskippij.

Wie it earder noch sa dat it Frysk net geskikt fûn waard om te praten mei de dokter of foar de rjochtbank, tsjintwurdich wurdt dêr hiel oars oer tocht. Hoe kinne je je no better útdrukke as yn de eigen taal? Just yn de rjochtspraak of yn de soarch is dit tige fan belang.

Ek yn it ûnderwiis hat it Frysk hjoed-de-dei in belangryk plak krigen. Bern leare maklik ferskate talen neist inoar en de memmetaal is in wichtich part fan dy ûntwikkeling.

Provinsje Fryslân docht alle war om it Frysk yn dy ferskate domeinen net allinne yn stân te hâlden, mar ek it brûken derfan te stypjen en te stimulearjen.

Yn dit boekje **Taal fan it hert** komst mear te witten oer it Frysk, oer de rol fan de taal yn it deistich libben, fan it ûnderwiis oant de soarch, en fan de kultuer oant de oerheid. Fryskpraters komme oan it wurd en der binne ferdjipjende stikken oer de ûntsteansskiednis fan it Frysk. Ek de rol fan de provinsje Fryslân komt oan de oarder en it belied dat rjochte is op it fergrutsjen fan it bewustwêzen en de akseptaasje fan it Frysk.

Neist dit boekje is ek de app **Taal fan it hert** ûntwikkele. Yn dy app stiet ekstra ynformaasje, mei foto's en filmkes, oer de ûnderwerpen dy't yn dit boekje oan bod komme. Sa wurdt der mear yngien op de Fryske streektalen lykas it Biltsk en it Stellingwerfsk, kinst mear ynfo fine oer it Aldfrysk rjocht of de fibula út Winaam en is der ynformaasje te finen oer tal bekende Friezen dy't in soad betsjut hawwe foar de Fryske taal en kultuer lykas Eise Eisinga, Marijke Muoi en Douwe Kalma.

By it trochlêzen fan it boekje kinst fuortendalik mear ynformaasje ophelje yn de app. By de ferskate ûnderwerpen steane dizze plaatsjes.

toaniel

Troch dy plaatsjes mei de snoadfoan te scannen, komst yn de app fuortendalik út by mear ynformaasje oer it ûnderwerp. Handich no?

ANDROID APP ON Google play

Available on the iPhone App Store

Yn de app is ek in kuierrûte opnaam. Dy rûte troch Ljouwert liedt dy lâns ferskate gebouwen. Alle gebouwen húsfestje wichtige Fryske ynstellingen lykas de Afûk, de Fryske Akademy, Tresoar of spylje in belangrike rol yn de skiednis fan it Frysk of de Fryske kultuer, lykas it Gerjochtshôf en it Fries Museum oan it Wilhelminaplein. Komst ek lâns in grut tal stânbylden yn de binnenstêd. Bylden fan Friezen dy't in soad foar it Frysk betsjut hawwe lykas Waling Dykstra en oare bekende Friezen lykas Pieter Jelles Troelstra en Mata Hari.

Dus lês it boekje, besjoch de filmkes en kuierje de rûte en kom sa alles te witten oer Fryslân, de Friezen en harren taal fan it hert.

“It begjint by de Friezen sels om de taal te brûken en dêr grutsk op te wêzen.”

Kommissaris fan de Kening drs. A.A.M. Brok

FRYSK PRATE EN APPE

Suver oeral yn de provinsje hearst minsken Frysk praten. De measte Friezen prate Frysk en hast alle fan de rûchwei 650.000 ynwenners fersteane de taal wol. Dit betsjut yn it deistich libben datst it Frysk oeral yn 'e provinsje tsjinkomst.

Dochs fine guon Friezen it lestich om troch te gean mei Frysk praten as de oar net Frysk praat. De Fryskprater 'ferbrekt' him dan om reden fan fatsoen. Eins hoecht dit hielendal net, want lykas sein; hast elkenien ferstiet it wol.

De helte fan alle Friezen kin it Frysk goed lêze. It skreaune Frysk komst op ferskate plakken tsjin. Dat kin wêze yn de Fryske media en yn de Frysktalige literatuer, mar ek op strjitte. Tink bygelyks oan de Fryske plaknammebuorden yn de provinsje.

Mar in lyts part fan de Friezen kin it Frysk goed skriuwe. Wol nimt dat oantal de lêste jierren ta. Dy positive trend falt te ferklearjen troch it tanimmende gebrûk fan de sosjale media. Hieltyd mear minsken kieze derfoar om op sosjale media, benammen fia WhatsApp, de taal te brûken dy't sy ek prate mei freonen en famylje. Dêrby skriuwe se de wurden gauris op sa't se dy útsprekke, dus net altyd 'geef'.

Guon steure har dêr oan, mar is dat slim? In taal is ommers altyd yn beweging. Yn ynformele kommunikaasje binne minsken blykber minder 'benaud' om har memmetaal te skriuwen, ek al witte se net krekt hoe't se de wurden skriuwe moatte. De drompel om Frysk te skriuwen wurdt minder heech. Want, sis no sels: it is dochs nuver om yn it Nederlânsk te appen mei dyn freon of mem dêr'tst oars altyd Frysk mei praatst?



FRYSK YN DE DIGITALE WRÂLD

Mei in tanimmend tal Friezen dat it Frysk skriuwt is der ek ferlet fan helpmiddels om it Frysk te skriuwen. Der binne ferskate apps en taalhelpmiddels ûntwikkele lykas in staveringshifker en online wurdboeken.

Foar in lytse taal as it Frysk is in posysje binnen de digitale wrâld tige wichtich. It lit sjen dat de taal fitaal is en mei de tiid meigiet. Boppedat wurdt de tapassing en de sichtberens fan de taal fergrutte.

Om dy reden is it tige weardefol dat it Frysk ien fan de talen is yn de oersetmasine Google Translate. Mei Google Translate kinst wurden en sinnen oersette fan en nei mear as 100 talen, en sûnt 2016 ek nei it Frysk.

Friezen hawwe har dêr manmachtich foar ynset. Yn de Fryske Google Translate Wike binne troch it hurde wurkjen fan de Friezen mear as ien miljoen wurden oerset fan it Ingelsk nei it Frysk. Genôch om it Frysk op te nimmen yn Google Translate.
It lit sjen wêr't in lytse taal grut yn wêze kin!

Sa kin it ek

fertale → oersette
smartphone → snoadfoan
trots → grutsk
kopke koffy → bakje kofje
froeger → eartiids
gratis → fergees
pindakaas → nûtsjesmoar
hagelslach → rûgeltsjes
spellingstsjekker → staveringshifker



TAAL OF DIALEKT

Kinst in Fries oer it generaal aardich op de kast krije ast syn taal as dialekt fuortsetst. It Frysk is ommers in taal en gjin dialekt. Mar wat is dêr no eins it ferskil tusken?

De diskusje oer taal en dialekt rekket faak in gefoelige snaar. Taalkundich sjoen is der gjin ferskil tusken beide. Se hawwe elk in grammatika, eigen klanken en in eigen útspraak. Kinst yn in taal likegoed as yn in dialekt sinnen meitsje en dysels uterje.

Mar wat makket dan krekt it ferskil tusken in taal en in dialekt? Dat hat in soad te krijen mei polityk, de wearde dy't minsken oan in taal takenne en de wize wêrop't minsken de taal brûke. Ek hat taalôfstân ynfloed. Hoe mear't in taal op in oare taal liket, hoe grutter de kâns dat beide talen as farianten fan inoar sjoen wurde. Dan kin it sa komme dat de iene taal as dialekt fan de oare taal sjoen wurdt. Tink hjirby bygelyks oan it Siuwsk dat in regionale fariant fan it Nederlânsk is.

As iennige taal yn Nederlân is it Frysk, neist it Nederlânsk, erkend as offisjele twadde rykstaal. It Frysk hat op taalhistoarysk mêd in ûntwikkeling trochmakke en hat in rike wurdskat dy't bot ôfwykt fan it Nederlânsk. Dit is oars by dialekten dy't regionale farianten fan in taal binne.

Wichtige kenmerken dy't it Frysk hat as taal binne:

- politike erkenning
- status
- in taalhistoaryske ûntwikkeling
- in rike wurdskat dy't fan it Nederlânsk ôfwykt
- eigen kombinaasjes fan lûden en byflûden
- eigen regels foar wurdfoarming
- in standerdisearre stavering en grammatika
- it wurdt praat en skreaun
- it wurdt net inkeld privee, mar ek yn it offisjele iepenbiere libben brûkt en yn tal fan oare mêden lykas op telefyzje en yn de literatuer

RIKE TAAL

De Fryske taal wurdt faak priizge om syn rike klanken en sjongerige toan. Dat komt om't it Frysk mear lûden (klinkers) hat as it Nederlânsk. Sa ken it Frysk saneamde twalûden (buorlju, woartel) en sels trijelûden (muoike, boaiem). Ek guon bylûdferbinings oan it begjin fan in wurd binne karakterisearjend foar it Frysk: stj- (stjoer, stjer), tsj- (tsjettel, tsjuster), sj- (sjippe, sjerp), sk- (skelk, skoalle), gn- (gnize, gnibbelje).

Dêrfoaroer komme guon bylûden (medeklinkers) net foar as begjinletter yn it Frysk: c, q, v, x, z. Dizze wurde skreaun sa't we se útsprekke, dus it Nederlânske 'circa' is 'sirka' yn it Frysk. De v en z kinne wol midden yn in wurd foarkomme (drave, raze) en de c wurdt in soad brûkt yn -ch ferbinings (each). Dat makket dat yn it Frysk gjin 26 letters brûkt wurde lykas yn it Nederlânsk, mar 24 om't de q en x net brûkt wurde.

Wat ek drekst opfalt oan in Fryske tekst is it brûken fan in soad diakrityske tekens: kapkes en streekjes boppe-op lûden. Hjirmei wurdt de útspraak of de klam oanjûn. It kapke kin brûkt wurde op de a, e, o en u (bêd, mûs, âlde, rôle, sûn). It streekje nei rjochts kin brûkt wurde op de u en e (út, grouwélich). It streekje nei links wurdt inkeld op frjemde wurden brûkt (appèl).

Yn hiel Fryslân wurdt Frysk praat, mar hast oeral prate minsken krekt wer wat oar Frysk. Binnen de taal binne tal fan regionale ferskillen. In bekende trijedieling (op grûn fan geografyske ferskillen yn útspraak) is Klaaifrysk, Wâldfrysk en Súdwesthoeksk. En dochs kinne we elkoar allegear wol ferstean.

It kaartsje op de side hjirneist jout fonetysk skreaun wat foarbylden fan ferskillen yn útspraak.

Fryske taal

Binne kompjûter en koese wol Fryske wurden?



snein
skoalle
skuon
boadskip
woartel
foarke
KLAAI-
FRYSK
WÂLD-
FRYSK
SÚDWEST-
HOEKSK
snajn
skölle
skönnen
bòdskip
wurtel
förke
sneen
skwalle
skwon
bjadskip
wjartel
fjarke

Komst saterdei ek op it feest?
Mei ik de tusearten?

Jawis, ik haw sin oan sneon.
Lekker hin, dy beantsjes.

Taal fan it hert

YN IT UNDERWIIS

Underwiis yn de memmetaal is fan belang foar de ûntjouwing fan it bern. Bern leare makliker lêze en skriuwe as se dat earst yn de memmetaal dogge. It Frysk hat hjoed-de-dei in fêst plak krigen yn it ûnderwiis.



FAN POPPE OANT PAKE

Yn it deistich libben hawwe alle ynwenners fan Fryslân te krijen mei meardere talen. Taalferskaat wurdt sjoen as rykdom en as kâns foar de ûntwikkeling fan bern. Al yn de widze komme bern yn oanrekking mei it Frysk.

Sa krije âlden by de berteoanjefte by de gemeente in kado mei ûnder oaren in meartalich foarlêsboek en ynformaasje oer meartalich grutbringe en taalûntwikkeling.
■ www.heitenmem.nl

Ek op lokaasjes foar pjutteopfang en bernedeiferbliuwen spilet it Frysk in wichtige rol. Op in soad lokaasjes wurdt neist it Nederlânsk ek Frysk praat. Der is ek in tal folslein Frysktalige pjutteboartersplakken en bernedeiferbliuwen; hjir wurdt allinne it Frysk brûkt. Juffen en liedsters prate mei de bern yn harren eigen taal en brûke ferskes en boekjes om de bern yn de kunde komme te litten mei it Frysk.
■ www.sfbo.nl

Hjoed-de-dei krije alle bern yn Fryslân dy't nei de basisskoalle geane les yn it Nederlânsk en yn it Frysk. Dat jildt ek foar bern dy't net yn Fryslân berne binne of thús in oare taal prate. In tal basisskoallen yn 'e provinsje is in trijtalige skoalle. Dat betsjut dat neist it Nederlânsk en it Frysk ek it Ingelsk op skoalle brûkt wurdt as fiertaal.

Op it fuortset ûnderwiis krije alle learlingen yn alle gefallen yn it earste jier it fak Frysk. Op tal fan skoallen, fan ferskate nivo's, kin it Frysk as eksamenfak keazen wurde. Yn Fryslân binne der ek meartalich fuortset ûnderwiisskoallen dêr't it Frysk en it Ingelsk neist it Nederlânsk as ynstruksjetaal by oare fakken brûkt wurde.
■ www.sintrummeartaligens.nl

Op de pabû krije studinten yn Fryslân lessen yn Fryske taalfeardichheid. Se leare boppedat oer meartalige didaktyk, hoe't se yn de klasse mei de ferskillende talen omgean kinne. Se kinne in spesjaal foech helje dat foar it basisûnderwiis nedich is. De NHL Stenden Hogeschool fersoarget de oplieding ta learaar Frysk yn it fuortset ûnderwiis.

■ www.nhlstenden.com

Op universitêr nivo bestiet oan de Rijksuniversiteit Groningen, binnen de stúdzjerjochting Minorities and Multilingualism, de spesjalisaasjerjochting Frysk. Yn Grins is ek de mooglikheid in foech te heljen foar dosint Frysk (learare-oplieding op masternivo). Ferskate meiwurkers fan it wittenskiplik ynstitút de Fryske Akademy, fersoargje fakken oan de Universiteit fan Amsterdam (de minoaren Frysk foar net-Frysktaligen en skriuwfeardichheid foar Frysktaligen) en midsiuwske skiednis oan de Universiteit Leiden.

■ www.minorities.nl

De Afûk fersoarget Fryske taalkursussen foar folwoeksenen. Dêrneist ûntwikkelet de Afûk lesmateriaal foar it primêr en fuortset ûnderwiis.

■ www.afuk.frl

Hans de Haan, direkteur OBS De Tsjelke yn Holwert

IT FRYSK IS MEAR AS MYN WURKTAAL

"Ik kom fan Skylge, en prate as bern net Frysk. Dat wie yn dy tiid 'not done'. Us heit en mem praten wol Frysk, dus ik bin mei dy taal opgroeid. Yn myn wurk op skoalle fyn ik it belangryk om de taal fan de bern te praten, rûchwei tachtich prosint fan de bern hjir is Frysktalich. It Frysk is lykwols mear as myn wurktaal. Yn de rin fan de tiid is it myn earste taal wurden en tink ik ek yn it Frysk. Ik praat it mei myn eigen bern en bernsbern."

De Tsjelke is sûnt it skoaljier 1995/96 in trijetalige skoalle en wie dêrmei ien fan de earste skoallen yn Fryslân. "Underwiisynstelling Cedin frege oft we meidraaie woenen yn in pilot. De Fryske Akademy soe dy pilot monitoarje. Myn gefoel wie dat it goed foar de bern wie, mar dêr wie hielendal gjin wittenskiplik bewiis foar. Tocht waard dat it Nederlânsk fan de bern derûnder lije soe. Mar nei ûndersyk kaam nei foaren dat it hielendal net neidielich foar de bern wie. En ek foar it Frysk die it fertuten. By it twajierlikse provinsjale Lyts Frysk Diktee foelen we jierren efter inoar yn de prizen. Jonge bern pikke talen sa op, wat jonger wat makliker. Dat sjogge we ek by de net-Frysktalige bern. En sjochst it oan it nivo fan it Ingelsk, de bern hawwe wat oer, it giet makliker."



Sa kin it ek

baby → poppe
peuter → pjut
kleuter → beuker
lytsbern → bernsbern
kreamfisite → poppeslok
meester → master
peuterspeelzaal → pjutteboartersplak

SKIEDNIS FAN IT FRYSK OP SKOALLE

Frysk op skoalle liket no de gewoanste saak fan de wrâld, mar dat is noch net iens sa hiel lang sa. En it wie ek net yn ien kear klear. Yn 1907 komt it provinsjaal bestjoer foar it earst mei in subsydzje foar it Frysk op skoalle, mar de lessen meie allinne nei skoaltiid jûn wurde. Yn 1928 wurdt de Afûk (Algemiene Fryske ûnderrjochtkommisje) oprjochte mei as doel om kursussen Frysk foar folwoeksenen te organisearjen en om Frysktalich lesmateriaal foar bern te ûntwikkeljen. Hûnderten Friezen fiere jierrenlang aksje en yn 1937 krijt it Frysk in beskieden plak yn it taalûnderwiis op de legere skoalle, al is dat fakultatyf. Nei 1955 bestiet de mooglikheid om it Frysk as fiertaal yn it basisûnderwiis te brûken. Ek ûnderwiis yn de streektalen (Biltsk, Stellingwerfsk, Hylpersk) is mooglik. Yn 1980 wurdt it Frysk in ferplichte fak yn it primêr ûnderwiis. Yn 1993 wurdt it Frysk in ferplichte fak yn it fuortset ûnderwiis.

SJONGE EN LÊZE

Thús en op skoalle komme bern op ferskate wizen yn 'e kunde mei de rykdom fan de Fryske taal en kultuer. Dat kin bygelyks mei ferskate lesmetoaden mar ek mei boeken of fia ynternet, telefyzje of festivals.

Lesmateriaal
Der binne ferskate Fryske ûnderwiismetoaden en -materialen ûntwikkele foar it basisûnderwiis en it fuortset ûnderwiis. Dit lesmateriaal bestiet ûnder oaren út online lesmateriaal, lêsboeken en tydskriften. Skoallen kinne dit materiaal brûke om it fak Frysk foarm te jaan. Der is boppedat tematysk materiaal beskikber foar oare fakken lykas biology en wrâldoriïntaasje dêr't it Frysk as fiertaal by brûkt wurdt.

Skoaltelefyzje
Omrop Fryslân makket skoaltelefyzje foar ferskate leeftiidsgroepen, lykas **Wat tekenje ik, WitWat, Kening Hert en Harry Hazze** foar de jongere bern en **Tsjek** foar de âldere bern. Ek binne in pear dramasearjes foar de leeftiidskategory 12-15 jier makke lykas **Bosk, De Koers** en **De Útflecht**. Dêrby binne ek jeugdboeken ferskynd.

■ www.skoal.tv



FeRstival
Al mear as 75 jier wurdt de jierlikse foardrachtswedstriid FeRstival organisearre. Learlingen fan it fuortset ûnderwiis drage, út de holle, in Frysk gedicht foar en wurde beoardiele troch in sjuery. Der binne trije kategoryen: starters, trochsetters en toppers. Doel is de belangstelling foar literatuer yn it algemien en foar de Fryske yn it bysûnder te befoarderjen. Bekende winners binne ûnder oare: kabaretier Rients Gratama (yn 1949), sjongeres Nynke Laverman (yn 1992) en akteur Theun Plantinga (yn 1996).
■ www.ferstival.frl

SjONG
SjONG is in twajierliks Frysktalich sjongfestival foar jongerein fan 12 oant en mei 18 jier. Dielnimmers skriuwe in Fryske tekst op in besteand popnûmer. Dêrmei dogge se audysje. Se begeliede harsels of sjonge op in orkestbân. De bêste dielnimmers fan de foarwedstriden geane troch nei de finale. Der binne by SjONG prizen te winnen foar de bêste trije optredens, de bêste tekst en fierder is der noch in YouTube-priis.
■ www.sjong.nl

Taal fan it hert

YN IT IEPENBIERE LIBBEN

Yn de rin fan de 20ste iuw komt it stribjen nei in offisjele status fan it Frysk yn it iepenbiere libben op. Dat is net samar klear. Taal is in gefoelige kwestje dêr't de emoasjes heech by oprinne kinne. It rjocht om jin op plakken as by de notaris, op skoalle en yn de Provinsjale Steaten yn de eigen taal uterje te kinnen, moat (soms letterlik) befochten wurde.

RJOCHT

Fertochten en tsjûgen hawwe it rjocht om Frysk te praten by sittingen fan de rjochtbank yn Fryslân. By sittingen bûten Fryslân mei ek Frysk praat wurde, as in fertochte of tsjûge oannimlik meitsje kin dat er him net goed genôch yn it Nederlânsk útdrukke kin.

It rjocht om de Fryske taal te brûken yn de rjochtseal bestiet sûnt 1956 en is ta stân kommen nei in foarfal dat de skiednis yngien is as Kneppelfreed .

Mei in rjochtsaak woe sjoernalist Fedde Schurer yn 1951 in rjochtlike útspraak oer de posysje fan it Frysk útlokke. Benijd nei de ôfrin dêrfan kamen in soad belangstellenden foar it gerjochtsgebou by inoar. Mei al dy oandacht wist de plysje net goed ried en it draaide út op spul. Dêrby brûkten se de kneppels omraak. Nei dy opskuor komme trije ministers nei Fryslân en op oanstean fan de Twadde Keamer wurde twa ûndersykskommisjes ynsteld, ien foar ûnderwiis en ien foar justysje. Dat soarget fan 1955 ôf foar de mooglikheid om it Frysk as fiertaal yn it basisûnderwiis te brûken. In jier letter folget it rjocht om foar de rjochter Frysk te praten.

Mei it rjocht Frysk te praten yn de rjochtseal wurdt in positive ûntwikkeling yn gong set. Yn 1995 is it Frysk erkend as offisjele bestjoerstaal neist it Nederlânsk, dat wol sizze dat it skriftlik brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear wetlik fêstlein is. Sûnt 1997 wurde alle akten fan de boargerlike stân twatalich opsteld. Fan 2001 ôf kinne alle notariële akten yn it Frysk opsteld en yn de iepenbiere registers ynskreaun wurde. Foar alle juridyske termen is in spesjaal Frysk wurdboek ûntwikkele troch de Fryske Akademy.

rjocht

Mei kneppels wurde minsken fan it Saailân jage...



Tjalling van der Goot, advokaat by advokatekantoar Anker&Anker yn Ljouwert

JUST YN EMOASJE BRÛKT IEN DE MEMMETAAL

"Yn myn wurk is Nederlânsk de earste taal. Wetten binne allegear yn it Nederlânsk opsteld. Mar as advokaat hawwe je net allinne mei wetten te krijen mar foaral mei minsken. Dizze minsken wurde fertocht fan strafbere feiten. Dêrby komme emoasjes los. Just yn emoasje brûkt ien de memmetaal. Frysktalige klanten moedigje ik oan op de sitting tsjin de rjochter Frysk te praten. Dat is nammentlik in rjocht en dat rjocht is der net foar neat. Yn de memmetaal kin ien him of har it bêste uterje en dat is wer goed foar in soarchfâldich strafproses.

Ik fyn it belangryk dat it Frysk formeel in plak krigen hat yn de juridyske sektor, mar it is noch belangriker dat ek yn de praktyk dat plak bestiet. It fêstlizzen fan it rjocht yn de wet is noch mar it begjin. De praktyk sil him dêrby oanslute moatte. De rjochtbank Ljouwert is opgien yn de rjochtbank Noard-Nederlân en dat betsjut dat yn Ljouwert ek saken behannele wurde troch rjochters út Grins of Assen. Dy fersteane net allegearre it Frysk. Oarsom kin it wêze dat Friezen nei de rjochtbanklokaasjes bûten Fryslân moatte. Al komt it net in soad foar, ek dêr kinne se Frysk prate."

Simone Scheffer, bûtengewoan amtner fan de boargerlike stân yn de gemeente Harns

DE LAPEN GEARSMITE

"Wy smite de lapen gear, sa'n moaie útdrukking is der dochs net yn it Nederlânsk? Op offisjele mominten stappe Friezen nochal gau oer op it Nederlânsk, dat moatte se mar ris ôfleare. It is moai dat minsken ek by sokke gelegenheden kieze kinne foar de taal dêr't har hert leit. Mominten as it oanjaan fan in bern, in houlik of yn de rjochtseal stean, binne ommers al spannend genôch. It is goed dat je dan just je memmetaal prate kinne. Dan wurdt it wer eigen. It grutte wurdt lyts. In kear haw ik meimakke dat in stel de plechtichheid yn it Frysk dwaan woe. In soad gasten wienen it Frysk lykwols net machtich, dy moasten mar nei ôfrin freegje wat der sein wie. Ik speech trouwens makliker yn it Frysk as yn it Nederlânsk. Ik tink ek yn it Frysk, dat praat ik al sa lang, wylst ik net echt Frysktalich grutbrocht bin. Thús praten we Boalserters, de taal fan ús mem. As ik by pake en beppe yn Wytmarsum wie, waard alles wat ik yn it Boalsertersk sei yn it Frysk werhelle. It Frysk heart by ús heit. Neffens de ferhalen wie hy hiel Frysksinnich, myn pake trouwens ek. Dy rûn gewoan de skuonwinkel út as se it wurd skoech net ferstienen."

It Frysk is ek in diel fan har wurk as ferslachjouwer by Omrop Fryslân. "Taal is foar in part emoasje, hoe fertel ik in ferhaal goed. It Frysk lient him der goed foar. Frysk is in stikje fan my, ik bin der grutsk op. Wy moatte de taal brûke, koesterje, fêsthâlde en ús bêst der foar dwaan."

Sa kin it ek

trouwe → boaskje
bruiloft → brulloft
bruid → breid

ferlyfd → fereale
proast → tsjoch
huwelik → houlik
bruidegom → brêgeman



OERHEID

De provinsje Fryslân is letterlik in Frysk lân. Boargers kinne Frysk prate tsjin in amtner of bestjoerder, of in Fryske brief of e-mail stjoere. Yn de regel is de oerheid (provinsje, gemeenten, wetterskip) yn de provinsje Fryslân taalfolgjend: as de boarger Frysk praat of skriuwt, reagearret de oerheid yn deselde taal.

Op belieds- en bestjoerlik nivo wurdt it Frysk ek brûkt. Sa kinne beliedsstikken yn it Frysk opsteld wurde, ferslaggen fan gearkomsten yn it Frysk notulearre wurde en wurdt der Frysk praat en skreaun yn gemeenterieden en yn Provinsjale Steaten.

It gebrûk fan it Frysk troch en mei de oerheid is wetlik fêstlein. It Frysk is erkend as bestjoerstaal en as offisjele taal fan Fryslân. De provinsje Fryslân hat yn 1997 de provinsjenamme offisjeel feroare fan Friesland nei Fryslân. Ek yn Nederlânsktalige stikken (ék fan it Ryk) moat tenei Fryslân skreaun wurde.

Ek in tal gemeenten yn de provinsje hat in Fryske gemeentenamme (bygelyks Waadhoeke, Tytsjerksteradiel) en Fryske plaknammen (bygelyks Feanwâlden, Húns, Wergea). Gemeenten kinne ek kieze foar in twatalich plaknammebelied mei sawol de Fryske as de Nederlânske namme op it plaknammeboerd.

Yn de lanlike polityk wurdt somtiden ek Frysk praat. Sa is it by de ynstallaasje fan Earste en Twadde Keamerleden mooglik om de eed of belofte yn it Frysk ôf te lizzen. Keamerleden dogge dat mei de wurden: 'Dat ferklearje en ûnthjit ik' of 'Sa wierlik helpe my God almachtich'.

plaknammen

Reduzum of Roordahuizum? Moatst it paad wol fine kinne.



“Yn de Steaten sil ik it Frysk as earste taal brûke, net omdat it moat, mar omdat it heart.”

Kommissaris fan de Kening drs. A.A.M. Brok



DE FRYSKE FLAGGE

De Fryske flagge bestiet út fjouwer blauwe en trije wite skeane banen mei dêryn meinoar sân reade pompeblêden. Dy ferwize nei de midsiuwske Fryske 'seelannen', selsstannige lânstreken.

Yn 1897 waard de flagge troch Deputearre Steaten erkend. De flagge waard yn 1927 foar it earst offisjeel brûkt op it provinsjehûs. De tekst fan it Frysk folksliet komt fan Eeltsje Halbertsma út Grou, mei as titel **De âlde Friezen** (1829).

folksliet **Sjong mei!**

Frysk bloed tsjoch op!

Wol no ris brûze en siede,

En bûnzje troch ús ieren om! Flean op!

Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,

It Fryske lân fol eare en rom.

Klink dan en daverje fier yn it rûn

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Klink dan en daverje fier yn it rûn

Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

SOARCH

Dokter, dûmny en it haad fan de skoalle hearden eartiids ta de 'notabelen' fan it doarp. It wie suver ûntinkber datst yn it Frysk bygelyks by de dokter oer dyn klachten prate koest. De lêste jierren is men der hieltyd mear fan oertsjûge dat it krekt better is om yn de eigen taal te kommunisearjen. Aldere minsken yn in ferpleechhûs prate it leafst har memmetaal: net inkeld om't se dan better oanjaan kinne wat se bedoele, mar ek om't it har in gefoel fan feilichheid jout.

Yn de soarchsektor is de taal hieltyd mear in ûnderdiel fan it profesjoneel omgean mei pasjinten en kliïnten. De pasjint of kliïnt stiet sintraal en minsken oansprekke yn de eigen taal heart dêr mei klam by. Kwetsbere minsken hawwe der in soad profyt fan as se yn de eigen taal oansprutsen wurde. Taal draacht sa by oan de kwaliteit fan de soarch. Aldere minsken, dy't soms muoite mei it Nederlânsk hawwe, kinne de dingen gewoan yn it Frysk útlizze. Bern kinne yn de eigen taal gerêststeld wurde. En pasjinten en kliïnten kinne har yn har eigen taal uterje, as it bygelyks om emosjonele saken lykas sykte giet. Taal is dus beskiedend foar it wolwêzen fan de minske.

Dat wie doe sa

De webside fan it projekt Dat wie doe sa biedt ferhalen, fideo's, foto's, muzyk en oare lûdsfragminten oer ûnderwerpen út it ferline. It materiaal is ôfkomstich út de regio en yn de taal fan de regio. Dat wie doe sa freget omtinken foar it brûken fan de memmetaal yn soarchsituaasjes en wurket gear mei soarchoanbieders om soarchfregers te stimulearjen yn soarchsituaasjes de eigen taal te brûken. Dat kin troch de oanbelangjende taal sichtber te meitsjen op de soarchlokaasje mei bygelyks posters en buttons, mar ek troch it oanbieden fan workshops oan de fersoargjenden.

■ www.datwiedoesa.nl

Corry Ludema-van der Valk, doktersassistinte by it Medisch Centrum Leeuwarden

STIEST FUORT NEIST DE PASJINT

"It Frysk is myn memmetaal en it betsjut in hiel soad foar my. Ik kin my better útdrukke yn it Frysk, wat emoasjes oanbelanget en ek om it gewicht fan dingen oan te jaan." Yn har wurk as doktersassistinte by de polyklinyk plastyske sjirurgy yn it Ljouwerter sikehûs MCL fernimt se dat it Frysk ferskil makket. "It jout in enoarm soad fertrouwen by de pasjint. De minsken fiele har fuort thús en binne mear op har gemak trochdat se har eigen taal prate kinne. As soarchferliener stiest dan neist de pasjint. In pasjint fertelt ek mear as hy of sy him fertroud fielt."

Yn it sikehûs wurdt it belang fan it Frysk by it pasjintekontakt ûnderkend. "Meiwurkers steane iepen foar it Frysk en dogge har bêst om Fryske útdrukkingen te learen. Dochs heart in pasjint it as de dokter 'ien fan bûten' is en ik haw wol meimakke dat se dan net alles fertelle. In pasjint, dy't geregeld by ús kaam fertelde my dat se lêst fan de búk hie en yn koarte tiid fyftjin kilo ôffallen wie. Dat is belangrike ynformaasje, de alarmbellen geane fuort ôf en moatst ûndersykje hoe't dat kin. Se fertelde my dit lykwols pas nei't de dokter de keamer al út wie. Blykber is it dochs fertrouder om soks oan ien te fertellen dy't deselde taal praat. Omdat taal sa belangryk is yn it kontakt, jou ik nijkommers in selsmakke 'kursus', in dokumintsje mei Fryske wurden as earmtakke, kaaibonke en knibbel. En ek getallen, sa as trijentritich, moatst begripe ast ien nei syn bertedatum fregest. Se fine it ek moai en roppe geregeld oer de gong: 'Hey Corry, mag ik eventjes de skjirre?'"



Taal fan it hert

YN DE FRIJE TIID

Yn allerhanne foarmen fan kultuer is de Fryske taal werom te finen: fan boeken en films oant toaniel en muzyk. Skriuwers, regisseurs, akteurs en muzikanten brûke de Fryske taal om't dy ticht by har leit en se har better uterje kinne yn har memmetaal. Mei syn rykdom oan klanken is it Frysk ek nochris hiel geskikt om te sjongen. Ek yn domeinen as media, sport en tsjerke nimt de Fryske taal in hieltyd belangriker plak yn.

LITERATUER

Troch de iuwen hinne hat de Fryske literatuer har ûntwikkele ta in folsleine literatuer. Mei bygelyks it oersetten fan it wurk fan Shakespeare nei it Frysk wolle skriuwers as Douwe Kalma sjen litte dat soks ek yn it Frysk kin. Yn alle sjenres ferskine hjoed-de-dei boeken: romans, chicklit, misdiedferhalen, reisferhalen, poëzybondels, berne- en jeugdboeken.

Yn de Fryske literatuer fan no komme alderhanne maatskiplike ûnderwerpen oan de oarder, dêrmei litte skriuwers sjen wat der yn Fryslân en de wrâld spilet. Foarbylden binne politike satire yn **In aap klimt út 'e beam** (2017) fan Koos Tiemersma en in leafdesrelaasje tusken in broer en sus yn **Swarte ingels** (2004) fan Willem Schoorstra. Boeken wurde oarspronklik yn it Frysk skreaun, mar ek út oare talen wei oerset. Dat rint útinoar fan berneboekjes oer it hûntsje **Stip** (**Dribbel** yn it Nederlânsk) oant de klassike **Ilias en Odusseia** (fan de Grykske dichter Homêros) en fan **Jip en Janneke** oant **Master fan Alle Ringen** (**The Lord of the Rings**). Oarsom komt ek foar: fan in suksesauteur as Hylke Speerstra ferskine Nederlânske (en oarstalige) oersettingen fan syn oarspronklik Frysk wurk.

Benammen de jongere generaasje skriuwers (yn Fryslân opgroeid) skriuwt yn it Frysk en yn it Nederlânsk, lykas Tsead Bruinja, Elmar Kuiper, Nyk de Vries en Albertina Soepboer. Soms is it wurk sels twatalich, soms bringe se in oersetting fan it wurk út. In kompakt oersjoch fan de Fryske literatuerskiednis is te finen yn **Salang't de beam bloeit** (2018).

literatuer

Alles oer Fryske skriuwers en harren wurk



De Fryske literatuer hat in rike poëzytradysje, dy't al begjint by de Aldfryske teksten. Hoewol't dy teksten net as literatuer beskôge wurde, sitte der wol poëtyske kenmerken yn, lykas alliteraasje en metafoaren. Yn de iuwen dêrnei waard de measte literatuer yn dichtfoarm publisearre, sa skreau Gysbert Japicx benammen gelegenheidsgedichten en lieten. De moderne Fryske literatuer bestiet noch altyd foar in grut part út poëzy, dêr't meartaligens en performance hieltyd wichtiger yn wurde.

It klappen fan de dyk

Se is it hoare klappen fan de dyk,
lyts blau hynste-each op wei nei see,

hastich yn draf, dronken fan dream,
op izers, sparkjend it skimer troch.

Draaf, famke, draaf, ropt de wyn en
bring dy hiel de binnensee fan it hert

ta stim om te wêzen it wrinzgjen fan
de weagen, de drift ûnder de kust

en al it sprekken fan wetters, djip
as de hillige stilte fan de dingen.

Eeltsje Hettinga
Dichter fan Fryslân 2017 - 2019



FILM

De films **De Hel van '63** en **De schippers van de Kameleon** oer de twilling Hielke en Sietse Klinkhamer binne bekende Nederlânsktalige films oer Fryske ûnderwerpen. Dêrneist binne der ek tal Frysktalige films makke.

De film **Nynke** (2000) fan regisseur Pieter Verhoeff, oer de frou fan Pieter Jelles Troelstra, wie in grut sukses yn de bioskopen yn binnen- en bûtenlân. Earder makke Verhoeff al de Fryske film **De Dream** (1985). Oare Fryske films as **De Gouden Swipe** (1996) en **De Fûke** (2000), beide fan Steven de Jong, binne mei ûndertiteling op de Nederlânske telefyzje te sjen.

De âldste Fryske spylfilm is **Kar út Twa** út 1937. It is in swart-wyt film sûnder lûd, mei Fryske tuskentitels en Nederlânske ûndertitels. Op it Noordelijk Film Festival, dat alle jierren yn Ljouwert is, geane faak Frysktalige produksjes yn premjêre.

Omrop Fryslân makket Frysktalige dokumintêres oer aktuele saken út de provinsje. Dy dokumintêres wurde mei Nederlânske ûndertitels útstjoerd op de lanlike telefyzje.

TOANIEL

Fryslân hâldt fan toaniel, hast elk doarp hat syn eigen selskip: fan Achlum oant Ysbrechtum en yn guon plakken binne sels meardere ferieningen.

De measte ferieningen spylje yn it Frysk. Sa'n 150 selskippen binne oansletten by de Stichting Amateurtoaniel Fryslân dy't opliedingen biedt en wedstriden hâldt om de kwaliteit te ferbetterjen.

Dy Frysktalige toanielkultuer begjint likernôch yn 1860 yn Koarnjum as de earste toanielferiening oprjochte wurdt. Aktyf sûnt de ein fan de 19de iuw binne de selskippen Halbertsma út Wergea, Tesselschade út Hurdegaryp en Rjucht en Sljucht fan De Tynje.

Yn 1965 ûntstiet de foarrinner fan Tryater, it âldste beropstoanielselskip yn Nederlân. Mei ôfwikseljend (oerset) klassyk repertoire en nij skreaune stikken berikt it selskip in grut publyk yn teätersealen, doarpshuzen, skoallen en op lokaasje. Tryater spilet net inkeld foar folwoeksenen, mar makket ek hiel bewust foarstellingen foar jeugd en jongerein, mei dêrby spesjaal ûntwikkele edukaasjemateriaal. By de produksjes dy't troch de provinsje reizgje, siket Tryater ek de ferdjipping mei it publyk troch mei besikers yn petear te gean oer de ûnderwerpen dy't yn de foarstelling oan de oarder komme. Tryater spilet yn it Frysk en yn oare talen, om't de maatskippij meartalich is. Yn stêden as Ljouwert en Snits wurde de stikken spile mei Nederlânske boppetiteling.

■ www.tryater.frl

toaniel **Binnen en bûten; oeral wurdt spile**



Kabaret

Der binne net folle kabaretiers dy't har wurk yn it Frysk op de planken bringe. Yn de fyftiger jierren wie Tetman de Vries (1915-1988) mei syn selskip hiel populêr. Rients Gratama (1932-2017) makke in soad furoare, ek as akteur, sjonger en skriuwer wie er net ûnfertsjinstlik. Teake van der Meer (1937) makket al jierrenlang in soad minsken oan it laitsjen mei syn nuveraardige types.

MUZYK

Mei de opkomst fan popmuzyk yn Nederlân komt ek Frysktalige popmuzyk op. Yn Nederlân hawwe Fryske bands as De Kast en Twarres grutte Frysktalige hits hân mei de nûmers **In nije dei** en **Wêr bisto.**

De Frysktalige muzyk komt yn alle sjenres foar, fan singer-songwriters as Gurbe Douwstra en Jaap Louwes oant willepunk fan Strawelte en De Hûnekop en fan ferskes foar bern fan Hindrik van der Meer en oant rock fan Jitiizer.

In bekend lieteboekje is **Fryslân Sjongt** út 1943. Dêr steane âlde Fryske lieten yn, lykas it **Wat bisto leaflik, rizende simmermoarn**. Dat liet, dat noch altyd songen wurdt, is makke is troch Waling Dykstra (1821-1914), in belangryk figuer foar de Fryske kultuer.

Sjongers lykas Doede Veeman, Piter Wilkens, Adri de Boer, Anneke Douma en Griet Wiersma binne al jierren populêr.

Yn in mear literêr sjenre bringt popgroep Reboelje ferskate cd's út. Nynke Laverman begjint har karriêre mei Fryske fado's en skreau it liet **Seis oere thús** foar de iepening fan Kulturele Haadstêd Leeuwarden-Fryslân 2018. By **Cohen in het Fries** binne nûmers fan sjonger Leonard Cohen (út Kanada) yn it Frysk oerset en troch ferskate Fryske muzikanten opnommen. Fryske muzyk wurdt geregeld draaid by begraffenissen, lykas it nûmer **In part fan dy** fan Marcel Smit en Gerbrich van Dekken. It duo Die Twa skoart heech yn de Fryske top 100, dy't neffens tradysje op âldjiersdei útstjoerd wurdt op Omrop Fryslân, op basis fan de favoriten fan harkers.

■ www.frysketop100.nl

Peter Sijbenga, muzikant, komponist, skriuwer en oersetter

IK BIN IN ALLESFRETTER

"Fan hûs út bin ik net Frysktalich, we wennen yn Ljouwert en praten ABN. It Frysk haw ik 'by elkoar klaud' troch myn wurk as muzikant by Rients Gratama. Tagelyk wie ik dwaande mei de band It Dockumer Lokaeltsje en dêr hawwe we hiel bewust besletten om Fryske teksten te meitsjen. Us foarbylden wienen de Angelsaksyske punk en new wave-bands, mar ek Dútsktalige punk kaam doe op. Sa like it ús ek aardich om it Frysk te brûken, om te bewizen dat we eigentiidske punk kombinearje koenen mei in minderheidstaal."

Peter Sijbenga hat in grutte fassinaasje foar it fenomeen taal. "Ik bin in allesfretter. As bern lies ik yn de atlas en dan seach ik de prachtichste plaknammen stean. It giet my troch de eagen en de earen, dus it wurdbyld en hoe't it klinkt. Doe't ik yn Reduzum kaam te wenjen yn 1987, fûn ik it belangryk dat ik de minsken yn it Frysk oansprekke koe. Dat wie in soarte fan sosjaal beslút: as ik my derby jaan wol, is it Frysk dêr in goede yngong foar." Hy tinkt en redenearret noch hieltyd yn it Nederlânsk, "mar it Frysk is in goede twadde. It Frysk lient him hiel goed foar it wurk dat ik doch, it skriuwen fan teksten, lieten, toaniel en oersettingen. It Frysk is elastysk, yn tsjinstelling ta it Nederlânsk, it hat folle mear fan it Ingelsk."



muzyk

Fan balladen oant rock

MEDIA

Yn ferskate media, lykas radio, telefyzje, krante en online, komst it Frysk tsjin. Omrop Fryslân, de regionale stjoerder fan Fryslân, makket radio en telefyzje (nijs, sport, achtergrûn en amusemint) yn it Frysk. De fiertaal is Frysk, yn de praktyk binne petearen geregeld twatalich.

Ynternet spilet in belangrike rol yn de media. Troch ynternet wurdt de Fryske taal en kultuer ek bûten Fryslân libben hâlden. Friezen om utens kinne bygelyks fia ynternet nei Omrop Fryslân harkje en sjen en oeral op de wrâld it Fryske nijs lêze. De nijsberjochten op de webside en op de app binne dûbeltalich (Frysk en Nederlânsk). De sosjale media wurde hieltyd belangriker, en wurde ynset om jongerein mei it Frysk yn de kunde te bringen. Tal fan gemeenten hawwe in eigen lokale stjoerder, faak stjoere dy yn it Frysk út.

- **www.omropfryslan.nl**

Yn de beide regionale kranten yn Fryslân, **Leeuwarder Courant** en **Friesch Dagblad**, komt it Frysk foar: yn rubriken lykas kollums, Fryske ynstjoerde stikken en yn de Nederlânsktalige artikels wurde minsken faak yn it Frysk oanhelle. Ek yn de kultuerbylage fan beide kranten wurdt gauris gebrûk makke fan it Frysk. Benammen yn stikken en besprekken oer de Frysktalige literatuer, toaniel, keunst en muzyk wurdt der faak yn it Frysk skreaun.

- **www.lc.nl**
- **www.frieschdagblad.nl**

Sa kin it ek

ynterview → fraachpetear
lústertje → harkje
sender → stjoerder
tot moarn → oant moarn
sjoernaal → nijs

Fryske tydskriften

• It twatalige tydskrift **Heit & Mem** is foar âlden yn Fryslân mei bern fan 0 oant 12 jier. Doel is om (takomstige) âlden bewust te meitsjen fan de kânsen fan meartalige ûntwikkeling en om se te stimulearjen har bern meartalich grut te bringen. Dat kin bygelyks troch mear Frysk te lêzen en foar te lêzen. Dêrby jout it ynformaasje oer tema's dy't te krijen hawwe mei it grutbringen fan bern. ■ **www.heitenmem.nl**

• **Ensafh** is in folslein Frysk literêr tydskrift, ûntstien út in fúzje fan de tydskriften **Hjir** en **Farsk.** Der steane poëtyske en prozayske Fryske teksten yn, ek wurde geregeld teksten yn it Biltsk of it Stedsfrysk opnommen. Der steane resinsjes yn en achtergrûnartikels oer de Fryske literatuer. ■ **www.ensafh.nl**

• **De Moanne** wol in breed en kreatyf poadium biede foar aktuele en skôgjende bydragen oer kultuer en de keunsten en docht dat yn Fryske en Nederlânske stikken. It blêd lit sjen wat der yn en om Fryslân spilet, yn taal, byld en nije media.

■ **www.demoanne.nl**



Wêr oars as yn de sport kinne de emoasjes heech oprinne?

By SC Hearrenfean yn it Abe Lenstrastadion of by SC Cambuur yn Ljouwert raze de supporters har de longen út it liif as der in doelpunt falt. Mar wat te tinken fan de 'typysk' Fryske sporten? By it keatsen, skûtsjesilen, fierljeppen, reedriden, de hynstesport en net te ferjitten it Frysk damjen is de spanning faak net minder. Troch de jierren hinne is dit 'folksfermaak' útgroeid ta in wichtich part fan de Fryske identiteit, lykas de Fryske taal. Foar de wedstriden fan SC Hearrenfean klinkt altyd it Frysk folksliet en de pompeblêden út de Fryske flagge siere it shirt. Keatse en skûtsjesile ha in hiel eigen wurdskat. Tink mar ris oan 'boppe', 'kwea' en 'boppewynse tonne', 'healwynse rak'. Mar ek it aaisykjen hat in eigen idioom: 'twake', 'broedsje', 'oer de wjuk', 'hijke', 'sijke' en 'lotterje'. Soks makket it Frysk ta in rike taal. Guon Fryske wurden binne sels yn Nederlân bekend wurden: 'klune'.



Sa kin it ek

fereniging → feriening
boven → boppe
partuer → partoer
juige → jûchheie

skaatse → reedride
skaatsen → redens
sûkelademolke → poeiermolke
hânskuon → moffen



feulentsje → fôle
hynderride → hynsteride

kiwyt → ljip
grutto → skries
lente → maitiid

TSJERKE

Hjoed-de-dei is in Frysktalige tsjerketsjinst of in tsjinst mei in Fryske Bibellêzing of in pear Fryske lieten akseptearre. Dat hat lykwols net altyd sa west. Guon minsken fûnen it 'boerefrysk' hielendal net geskikt om yn de earetsjinst te brûken.

Yn 1908 rjochtsje de dûmnys Sipke Huismans en Geert Aeilco Wumkes it Christlik Selskip for Fryske Tael- en Skriftekennisse (letter it Kristlik Frysk Selskip) op om it brûken fan it Frysk yn it religieuze domein te befoarderjen. Yn 1943 ferskynt de earste folsleine oersetting fan de Bibel fan de hân fan Wumkes en Eeltsje Boates Folkertsma. De bondel **Psalmen en Gezangen** komt yn 1955 yn it Frysk beskikber. Yn 1978 ferskine de **Nije Fryske Bibeloersetting** en it **Lieteboek foar de Tsjerken.**

Mei dit materiaal foarhannen hâlde hast alle pleatslike tsjerken, gemeenten en parochys in beskieden kwotum tsjinsten yn it Frysk. Om 1990 hinne ûntstiet in klimaat, dêr't foargongers hieltyd mear de frijheid krije en nimme om yn tsjerketsjinsten de taal fan har kar te brûken. Ferskate gemeenten stribje dernei om yn elke tsjerketsjinst yn alle gefallen ien Frysk elemint op te nimmen.

It Frysk Oekumenysk Platfoarm Krúspunt is in fynplak foar materiaal en platfoarm foar inisjativen op it mêd fan it Frysk yn it religieuze domein. It rjochtet him op it bewust wurden fan de mooglikheden fan meartaligens en it ûntwikkeljen fan in eigen Fryske tsjerkeliettradysje. Men pleitet net inkeld foar Frysktalige, mar ek foar twa- of meartalige tsjerketsjinsten. Mei de komst fan Frysk liturgysk materiaal (lykas de lietebondel **Tuskentiden**) is it makliker om Fryske eleminten yn de tsjinst yn te bringen.

■ www.kruspunt.frl

Liuwe Westra, dûmny

FRYSK IS MYN BINNENSTE TAAL

"Ik wurd my der hieltyd mear bewust fan dat ik altyd yn it Frysk tink en fiel. Guon minsken kinne har in oare taal, dy't se alle dagen om har hinne hearre, sa bot eigen meitsje dat se der sels yn begjinne te dreamen. Dat haw ik dus net. Alle kommunikaasje giet by my út it Frysk wei, en sels as ik Nederlânsk praat, bin ik dus oan it oersetten. It giet noait bûten it Frysk om. Ik fiel my dêrom ek it noflikst as ik my streekrjocht yn it Frysk útdrukke kin. Ik haw genôch oare talen leard, en dêr kin ik my ek skoan mei rêde, mar yn in Frysktalich selskip fiel ik my altyd nofliker. It Frysk is myn binnenste taal."

Yn tsjerke brûkt er it Frysk ek geregeld, dat is troch de jierren hinne hieltyd mear akseptearre en gewoan wurden. "In âlder gemeentelid wie ferkocht, doe't ik yn Lollum foar it earst it gebed yn it Frysk die. Wylst de persoan earst skeptysk foar soks oer stie. In pear jier lyn wie ik út te preekjen op It Bilt en hie ik de tekst oersette litten nei it Biltsk. In pear wike letter kaam in man op my ta en spriek my dêrop oan. Hy wie noch emosjoneel dat er it Evangeelje yn syn eigen taal heard hie. It komt blykber dochs mear binnen yn jo eigen taal. Sokke reaksjes hiest eartiids by it Frysk ek, mar dat wurdt no reedlik normaal fûn."



Tsjom hie de primeur yn 1915

tsjerke

Taal fan it hert

SKIEDNIS FAN IT FRYSK

It Frysk ûntstiet al yn de *betide midsiuwen*. De taal begjint him te ûnderskieden fan oare Noardseegermaanske talen lykas it *Aldingelsk*. Dat *Aldfrysk* wurdt yn de folle midsiuwen as skriuwtaal, bygelyks yn wetsteksten, en as *bestjoerstaal* brûkt. Yn de rin fan de 16de iuw wurdt it Frysk as *skriuwtaal* net mear brûkt. Yn de 19de iuw wurdt it Frysk wer in skriuwtaal en ûntstiet der in libben literêr klimaat.

FAN ÂLDFRYSK NEI MIDFRYSK EN NIJFRYSK

Al yn de Romeinske tiid wurdt praat oer Fryslân. De Romeinen neame de stammen dy't hjir wenje 'Frisii'. Nei de Romeinske tiid ûntstiet yn de 7de en 8ste iuw in grut Frysk keninkryk dat fan Noard-België oant de rivier de Weser yn Dútslân rint. De taal dy't praat wurdt, neame we Aldfrysk. It rjocht is ek yn dy taal opskreaun. Sûnt de 11de iuw bestjoert Fryslân himsels; it is de tiid fan de Fryske frijheid. Yn 1498 komt dêr in ein oan en dêrtroch ferdwynt it Aldfrysk stadichoan as belangrykste taal.

Yn de 16de en 17de iuw komt de macht yn Fryslân wer foar it grutste part yn Fryske hannen, mar de Nederlânske taal wurdt hieltyd belangriker. Bestjoer, rjochterlike macht, skoallen en tsjerken brûke it Nederlânsk as skriuwtaal. It Frysk wurdt de sprektaal fan it 'gewoane folk'. Gysbert Japicx jout it Frysk, dat we Midfrysk neame, wer in plak yn de kultuer. Hy wurdt as de grûnlizzer fan de Fryske literatuer sjoen.

Yn 1815 ûntsteane de Europeeske steaten, sa't wy dy no kenne. Under ynfloed fan de Romantyk wurde folken har bewust fan de eigen woartels. Rûnom nimt de belangstelling foar de eigen folksaard, taal, skiednis, folkloare en literatuer ta. Yn de 19de iuw is Fryslân in provinsje fan Nederlân en is it Nederlânsk de iennige offisjele fiertaal. It Frysk is foar thús. Skoallen wurdt oanret om it Frysk net ta te stean, soks soe de foarming fan de Nederlânske ienheidssteat yn it paad stean.

skiednis

Eala frya Fresena



Ynspirearre troch de Romantyk komt in Fryske taalbeweging op dy't de ûndergong tsjinhâlde wol en erkenning siket. Nije Fryske skriuwers meitsje opgong, lykas de bruorren Halbertsma. Se stimulearje de Fryske befolking om yn de eigen taal te lêzen en te sjongen. Joast Halbertsma docht ûndersyk nei de Fryske taal, hy begjint in wittenskiplik Frysk wurdboek en korrespondearret mei tal fan gelearden yn Europa. Dêrneist sammelet er allerhanne yn syn eagen typysk Fryske foarwerpen.

Troch publikaasjes fan dy skriuwers, mar ek troch it earste Fryske wurdboek, komt stadichoan mear ienheid yn de stavering fan it Frysk. Yn 1879 ferskynt de earste offisjele Fryske stavering. Yn 1900 ferskynt it earste diel (A-H) fan it **Friesch Woordenboek**, dat Waling Dykstra makket op basis fan materiaal fan Joast Halbertsma. It Frysk dat nei 1800 skreaun en praat wurdt, neame we Nijfrysk.

Ingelsk
us/our
cheese
church
sheep
year
two
Frysk
ús
tsiis
tsjerke
skiep
jier
twa
Butter, bread and green cheese is good English en goed Frysk!

Nederlânsk	Dútsk
ons	uns
kaas	Käse
kerk	Kirche
schaap	Schafe
jaar	Jahr
twee	Zwei

It Frysk heart ta de Germaanske talen, lykas it Nederlânsk, it Ingelsk en it Dútsk.

As kusttaal stiet it Frysk tichteby it Ingelsk. It Nederlânsk stiet tichteby it Dútsk.

FRYSLÂN IS MEARTALICH

Neist it Frysk en Nederlânsk wurdt yn tal fan plakken, benammen de stêden, in soarte fan mingtaal praat, in taal fan benammen Nederlânske wurden mei Fryske lûden (oek = ek, kynders = bern). Dit Stedsfrysk komt foar yn Ljouwert, Dokkum, Boalsert, Snits, Harns en Frjentsjer. De talen ferskille soms wat fan elkoar. It Stedsfrysk is yn de 16de iuw troch hannelskontakten ûntstien.

Op It Bilt, in âld poldergebiet noardwestlik fan Ljouwert prate minsken Biltsk. Mei de lêste weryndieling is de gemeente It Bilt opgien yn de gemeente Waadhoeke. De taal fan de Noard- en Súdhollânske boeren dy't It Bilt yn de 16de iuw ynpolderje, mingt him mei it Frysk fan de lânarbeiders. Sa ûntstiet de nije mingtaal. Biltkers binne grutsk op har eigen taal en stride ek foar it behâld en fuortbestean derfan. Tal fan Biltkers skriuwe, toanielspylje en sjonge yn har eigen taal. ■ www.bildtsaigene.nl

Tsjin de grins mei Drinte oan lizze de Stellingwerven. It gebiet hat in eigen taal, it Stellingwerfsk. Dat is in Nedersaksysk dialekt dat mear op it Drintsk en it Grinslânsk liket as op it Frysk. In belangeferiening stiet noed foar de taal: 'De Stellingwarver Schrieversronte is et belangriekste instituut veur tael, literetuur, geschiedenis, volkskunde en identiteit van Stellingwarf.' ■ www.stellingwarfs.nl

Biltske wurden

maisy
beltsyblom
súp
luwt
ant kikens
skaapy

Fryske wurden

famke
beltsjeblom
súpe
ljouwert
oant sjen
skiepke

IT BILT

DE STELLINGWERVEN

Stellingwerfske wurden

maegien
bellegiesbloeme
soepe
luwadden
tot kiekeloeres
schaopien

meartalich
Elke streek syn taal

Sa kin it ek

geskiedenis → skiednis
weareld → wrâld
loazjeare → útfanhûzje
emigrearje → lânferfarre
iderien → elkenien

FRYSK OER DE WRÂLD

Tichteby oer de grins wurdt yn Dútslân ek Frysk praat: yn Noard-Fryslân (yn Sleeswyk-Holstein) en East-Fryslân (Nedersaksen). Fan de 6de oant de 8ste iuw binne beide gebieten ûnderdiel fan it grutte Fryske ryk. Nei it útinoar fallen fan it Fryske ryk ferdwine de ûnderlinge kontakten. It Frysk yn Fryslân en dat yn Dútslân ûntwikkelje har ferskillend. It Dútske Frysk is yn de rin fan de iuwen sterk troch it Dútsk en it Platdútsk beynfloede.

It Noardfrysk bestiet út tal fan dialekten dy't in soad faninoar ferskille. Dy wurde ûnder ferdield yn it 'eilân-Noardfrysk' en it 'fêstelân-Noardfrysk'. De ferskillen binne soms sa grut dat minsken, sa'n 8.000 praters, inoar amper ferstean kinne. It Eastfrysk (of Sealterfrysk) wurdt yn in pear doarpen praat. Sa'n 2.000 minsken, benammen âlderen, prate de taal noch.

Eins wurdt oer de hiele wrâld Frysk praat. Tink ris oan al dy tûzenen emigranten dy't ein 19de, begjin 20ste iuw nei it 'lân fan dream en winsken', de Feriene Steaten, emigrearje. Mear as 20.000 Friezen sykje in nije takomst yn Amearika. Nei de Twadde Wrâldoarloch komt wer in grutte emigraasjestream op gong, dan foaral nei Kanada, Australië en Nij-Seelân. Sa'n 18.000 Friezen stappe op de boat nei in oar lân. De measte Friezen sykje elkoar op yn it frjemde lân en besykje de eigen identiteit yn stân te hâlden yn bygelyks Fryske ferieningen. Se binne wiis mei de memmetaal en fine dat in weardefol stikje 'thús'. Meastentiids praat de tredde generaasje gjin Frysk mear.

Taal fan it hert

BEHALDE & BEFOARDERJE

De 20ste iuw is de tiid fan de grutte emansipaasjebewegingen, fan groepen dy't har posysje ferbetterje wolle. Sprekkers fan minderheidstalen organisearje har ek om har taal te behâlden en te ûntwikkeljen. De offisjele erkenning fan harren taal is it doel. Troch it groeiend bewustwêzen yn brede lagen fan de Fryske maatskippij komt it Frysk hieltyd mear yn it ûnderwiis, kultuer, de wittenskip, by de oerheid en yn de godstsjinst. Dat liedt ta tal fan inisjativen en ynstellingen dy't noch hieltyd belangryk binne foar de Fryske taal en kultuer.



DE FRYSKE BEWEGING

Yn de 19de en 20ste iuw wurde ferskate genoatskippen oprjochte. It Friesch Genootschap van Geschied-, Oudheid- en Taalkunde (1827) wie it earste genoatskip.

Yn de iuw dy't folge waarden der noch ferskate oare genoatskippen oprjochte, lykas de Jongfryske Mienskip (1915) troch Douwe Kalma. Hoewol't de genoatskippen faak in ferskillende identiteit hienen, hienen se in mienskiplik doel. Nammentlik it bestudearjen, beskermjen en befoarderjen fan de Fryske taal en kultuer yn al syn aspekten.

De oan de genoatskippen ferbûne persoanen hawwe in wichtige rol spile by it ta stân bringen fan in konstante literatuerstream en oan de standerdisearring fan de Fryske taal troch it wurkjen oan bygelyks grammatika's en wurdboeken. De persoanen en ynstânsjes dy't har ynsette foar it behâld en it ferstevigjen fan de Fryske taal en kultuer wurde mei-inoar de Fryske Beweging neamd.

Yn 1928 wurdt de Afûk oprjochte. De Algemiene Fryske ûnderrjochtkommisje hat as doel om kursussen Frysk foar folwoeksenen te organisearjen en om Frysktalich lesmateriaal foar bern te ûntwikkeljen. Neist de ferskate kursussen docht de Afûk no ek oan taalpromoasje, bygelyks de kampanje Praat mar Frysk, en is dêrneist útjouwer fan Fryske boeken.

■ www.afuk.frl



Yn 1938 wurdt in ynstitút foar wittenskiplik ûndersyk nei de Fryske taal en kultuer oprjochte: de Fryske Akademy. Dêr begjinne se fuort mei de wittenskiplike beskriuwing fan de wurdskat fan it Frysk. Dat projekt is yn 2011 ôfsletten. Mei-inoar binne 25 dielen, mei in totaal fan goed 120.000 trefwurden, fan it **Wurdboek fan de Fryske taal** ferskynd. Mei stipe fan de provinsje Fryslân hat de Fryske Akademy in digitaal platfoarm mei taalhelpmiddels ûntwikkele. Dat Taalweb Frysk bestiet út in foarkarswurdlist, staveringshifker, oersetter in wurdboekportaal en in Paadwizer Fryske stavering. It wittenskiplik ynstitút docht ek ûndersyk nei de Fryske skiednis en makket it Frysktalich en histoarysk erfgoed tagonklik foar wittenskip en maatskippij.

- www.fryske-akademy.nl
- www.taalweb.frl

De Fryske Beweging krijt nei 1945 fierder stal. Tal fan groepen en organisaasjes ûntsteane dy't rjochte binne op it direkt of yndirekt befoarderjen fan it Frysk. It stribjen is in offisjele status fan it Frysk yn it iepenbiere libben.

emansipaasje **It Frysk foarút**



ERKENNING

De erkenning fan it Frysk yn Nederlân betsjut foar de Fryske taal en kultuer in stimulâns. Sûnder aktyf taalbelied soe de ûntjouwing fan it Frysk in beweging nei ûnderen ta trochmeitsje, nettsjinsteande alle grutskens en status.

Op basis fan Europeeske ferdraggen en nasjonale wet- en regeljouwing, en it dêrút fuortkommende provinsjale belied jout provinsje Fryslân ferskate ynstânsjes, organisaasjes, bedriuwen en minsken subsydzje en opdracht om it plak en it brûken fan de Fryske taal fuort te sterkjen. De provinsje Fryslân stiet noed foar de foarsjenningen, koördinearret, stimulearret inisjativen en hat sels in foarbyldfunksje. Der binne subsydzjes foar tal fan ûntwikkelingen en projekten, bygelyks om lesmetoaden foar de Fryske taal te ûntwikkeljen, foar poadiumkeunsten, foar de Fryske publikaasjes en Fryske telefyzje- en radio-útstjoeringen.
In oare grutte ympuls foar it Frysk is it Europeesk belied op it mêd fan lytse en regionale talen. Yn 1992 sjocht it Europeesk Hânfest foar regionale of talen fan minderheden it libbensljocht. Dat troch Nederlân yn 1996 ratifisearre hânfest giet oer it stimulearjen fan lytse en regionale talen yn de sektoaren ûnderwiis, justysje, iepenbier bestjoer, media en kultuer, sosjaal en ekonomysk libben en yn ynternasjonale kontakten. Troch it bekrêftigjen fan it hânfest hat de Nederlânske oerheid himsels ferplichte om tal fan maatregels te nimmen om de posysje fan it Frysk te ferstevigjen, ek finansjeel. It hânfêst is yn 1998 fan krêft wurden.

Op de wrâld binne goed 6.000 talen. Meartaligens komt op in hiel soad plakken foar. Binnen de Europeeske Uny praat tsien persint fan de befolking in minderheidstaal. Tink oan België mei Flaamsk en Waalsk, yn Spanje prate minsken neist Spaansk ek Katalaansk of Baskysk en yn Grut-Brittannië is neist it Ingelsk ek it Welsk, Skotsk en Gaelic yn gebrûk.

Der binne ferskate Europeeske organisaasjes dy't harren ynsette foar it behâld en befoarderjen fan regionale talen en talen fan minderheden. Foarbylden fan dy organisaasjes binne:

It Europeesk Buro foar Lytse Talen (EBLT) soarget foar promoasje en beskerming fan it Frysk en Nedersaksysk yn de Europeeske Uny, de Rie fan Europa en yn Nederlân. Hjirfoar wurdt wetlike en politike stipe socht op Europeesk en nasjonaal nivo.
■ **www.eblt.nl**

Yn 2010 is European Language Equality Network (ELEN) oprjochte. It set it wurk troch fan it eardere European Bureau for Lesser-Used Languages. It besiket de posysje fan minderheidstalen binnen Europa fuort te sterkjen, promoatet de regionale talen en bringt minsken mei elkoar yn kontakt.
■ **www.cracking-the-language-barrier.eu/organisations/elen**

It Mercator Research Centre, ûnderdiel fan de Fryske Akademy, docht ûndersyk nei al dy regionale en minderheidstalen yn Europa. Ek diele se kennis op it mêd fan it learen fan talen op skoalle, thús en troch kulturele partisipaasje. Se meitsje nijsgjirrige ûntjouwingen fan oare minderheidstalen beskikber foar relevante belanghawwenden yn Fryslân.
■ **www.mercator-research.eu/fy**

Europa **Talen yn Europa**



Taal fan it hert

TAAL YN IT HERT

Fertroud en eigen binne wurden dy't minsken brûke as se it oer har memmetaal hawwe. Ek in gefoel fan grutskens heart derby. Frysk is de taal fan it hert. As it om emoasjes giet, gripe we werom op ús memmetaal.

MEAR MEI DYN MEMMETAAL

Mei troch it krewearjen fan al dy Fryske striders troch de iuwen hinne, lykas Gysbert Japicx, Douwe Kalma en Fedde Schurer, kinne we no it Frysk op allerhanne mêden brûke. Oft dat no yn de rjochtseal is, by de boargerlike stân, yn tsjerke of yn de soarch. Op hieltyd mear plakken hat de Fryske taal in offisjele status krigen en kin in Fryskprater syn memmetaal ek yn it iepenbiere libben brûke.

En dy swartkikers dan dy't al jierren sizze dat it minder wurdt mei it Frysk? Bern krije it Frysk net mear automatysk mei fan thús, it nivo buorket hurd achterút en gean sa mar troch. Hawwe sy gelyk? Fansels groeie bern no net mear op yn in ientalige Fryske wrâld, lykas dat earder sa wie. De maatskippij is ommers bot feroare, we wenje net mear ús hiele libben op ien plak en de hiele wrâld komt ta ús. Meartalichheid komt oeral foar, yn de eigen húshâlding, op strjitte, op skoalle en yn de media. Mar in memmetaal hast altyd, de taal dy'tst as earste leard hast, dy't in fertroud gefoel opropt.

Omdat it Frysk net allinne mear de taal fan it hert is, mar ek de taal fan it offisjele iepenbiere libben, hat dat effekt op de minsken. It plak fan it Frysk yn de wrâld fan de literatuer en oare kulturele uteringen wurdt hieltyd grutter. Fan it Frysk kinne we genietsje yn allerhanne foarmen fan kultuer: in toanielstik, liet, boek of film komt tichteby yn de eigen taal en rekket dy letterlik yn it hert.

KOLOFON
It boekje **Taal fan it hert** ferskynt yn
it Frysk, Nederlânsk, Ingelsk en Dútsk.

De útjefte is yn opdracht fan
de provinsje Fryslân ûntwikkele.

- **Tekst** Marijke de Boer (MB taal & tekst)
- **Foarmjouwing en yllustraasjes**
  Silke Boersma (De Lettergek)
- **Taal fan it hert-app** Freed
- **Einredaksje** Provinsje Fryslân
- **Utjouwer** Provinsje Fryslân

Earste printinge 2018
www.fryslan.frl



provinsje fryslân
provincie fryslân